

Sjueryrapport Simke Kloostermanpriis 2004

Wy, dat wol sizze de trije sjueryleden, krigen yn septimber ferline jier de opdracht fan It Simke Kloostermanlien om de oarspronklik Fryske berne- en jeugdboeken fan de lêste trije jier te lêzen en te beoardieljen.

Wy hawwe yn totaal 28 boeken of boekjes lêzen en hifke. Dy 28 útjeften joegen in grut ferskaat. Fan rymkes foar beukers, boekjes foar begjinnende lêzers, in stripboek, in dichtbondel foar de jongelju oant boeken foar bern fan de basisskoalle en jongerein ta. Bytiden hiene je it gefoel apels mei parren ferlykje te moatten. Affijn dat is in gegeven dêr't je net ûnderút kinne.

Algemeine ferantwurdig

Foar't wy op it proses fan kiezen yngeane, wolle wy noch in tal saken kwyt dy't ús opfoelen by it lêzen en kritysk besjen fan de boeken/boekjes. Dat wie yn't foarste plak dat oer it generaal de boeken der goed fersoarge útseagen. De soarten yllustraasjes wiene tige fariearre, der sieten wier pronkjes tusken wêrby't de yllustraasjes in ferriking en ferdjipping joegen. Wol moat it sa wêze dat de yllustraasjes oanslute by de tekst en fansels moatte se ek kloppe. In inkele kear wie dat net sa.

Dêrom dizze krityske noat: tink om de ienheid fan tekst en yllustraasje.

Wat fierder opfoel, is dat der publikaasjes by wiene dy't eins nochris goed behoffene wurde moatten hiene. It is moai dat der nije skriuw(st)ers bykomme, mar krekt harren wurk soe wat mear krityske begelieding ha moatte. Hjir moat lykwols oan taheakke wurde dat soks soms ek jildt foar auteurs dy't al mear boeken publisearre hawwe.

In ferhaal moat yn alle gefallen in konsistint gehiel wêze. Der moatte gjin frjemde eleminten yn foar komme dy't gjin funksje yn it ferhaal hawwe en de karakters moatte net klisjee-mjittich wêze.

Ek oer it taalgebrûk is noch wol wat te sizzen. Yn guon boeken sieten tefolle flaters. In pear foarbylden:

It brûken fan de tiidwurden: de je-tiidwurden moatte wol op in kreative wize ferfoege wurde. En sterke tiidwurden moatte je net swak meitsje.

It net genôch kennis hawwe fan it Frysk. Sa is bygelyks in wurd as *bil* of *slim* yn it Frysk wat oars as yn it Hollânsk.

Fierder is der it steurende 'moderne' taalgebrûk mei *fet*, *cool*, *shit*, *puppy love* en *kidsbus*, wêrfan't men dochs wier hoopje mei dat dy moderne-praat-goarre oerwaaie mei. Hjirby moat de opmerking makke wurde dat net alle sjueryleden har hjir sa bot oan steurden.

Wy wolle graach dat de bern Fryske boeken lêze sille. In betingst dêrfoar is dat der in ryk ferskaat oan literair (en faaks ek didaktysk) ferantwurde boeken op de merk komme. It soe net sa wêze meie dat bern ôfheakje om't it boek gjin kwaliteit hat.

Ferantwurdig wurkwize

Dan komme wy no ta in ferantwurdig fan ús wurkwize.

Nei't wy elk alle boeken trochnaam en der oantekens by makke hiene, kamen wy ein jannewaris by elkoar en hawwe ûnôfhinklik fan elkoar ús trije bêsten derút helle.

It wie net sa dat it doe fuort dúdlik wie hokker boeken nominearre wurde moasten.

Doe't wy elk de trije op it kleed lein hiene, wiene dat de folgjende titels:

- Lokaal 13 - Baukje Wytsma
- Múske myn famke - Lida Dykstra
- 100 dingen en in pappegaai - Akky van der Veer & Berber van der Geest
- Spikergek - Anny de Jong
- De suertsjeplysje - Lida Dykstra

- By beppe yn 't bedstee - Auck Peanstra

Dat wiene der trije tefolle. It kaam doe op arguminten oan om ús kar nei elkoar dúdlik te meitsjen. Sa hawwe wy al redeneardjend *Spikergek*, *De suertsjeplysjje* en *By beppe yn 't bedstee* ôffalle litten.

Hoewol't *Spikergek* in spannend boek is, is it plot net sterk en guon eleminten út it boek binne wol hiel ûnwierskynlik. *De suertsjeplysjje* befettet moaie ferhaaltsjes, mar ek wer guon dy't sljochtweihinne binne. Wat it boek *Beppe yn 't bedstee* oanbelanget, dat is in flot lêsbere boek, it hat wol wat fan in 'historyske' roman, mar foeget net folle nijs mear ta oan beppe's tiid. De yllustraasjes passe der ek goed by, mar dy moatte wol op it goede plak stean. Ek de wurdlist moat fansels wol doge. In *earizer* is bygelyks net in sulveren of gouden hoed.

Der wie by de seis neamde boeken ien dat wy alle trije op ús listke stean hiene.

Dêrmei wie it fuort noch net in útmakke saak hokker boek op it earste, twadde of tredde plak einigje soe. Dat kaam ek trochdat de trije boeken allegear ûnder in oar sjenre falle.

In dichtbondel, in printeboek en in boek mei persoanlike ferhalen. It proses fan argumentearjen begûn op 'e nij en wy bin' der úteinlik útkam. Dat wie ek ús opdracht en dy kar is ein maart buorkundich makke.

It winnende boek

It winnende boek is: *Mûske, myn famke* skreaun troch Lida Dykstra en yllustrearre troch Piet Grobler.

Muwze-booste

Ynne' oer-lang forlijnje jieren,
Yn *Saturnus* tijd, by âds,
Yn dy goune tijd, âd-wrâds,
Da de Djier, aef 't minschen wieren,
Mey eyn taele' in spraeck forsjoen,
Oon elck-oorme' in praetje joen'.

De skriuwster hat har ynspirearje litten toch *De muszebooste* fan Gysbert Japiks. It earste kûplet dêrfan haw jimme krekt heard. Us grutte Renaissance dichter hat it ferhaal sels ek net betocht. Ek hy hat him ynspirearje litten troch in âlde leginde, dêr't de oarsprong fan - sa't men seit - yn Ynje leit.

It befettet, soe men sizze kinne, in universeel tema. It is in fantasije ferhaal oer in mûske dat út de loft fallen komt en opheind wurdt troch in kluzener dy't har as syn dochter oannimt.

Dy kluzener hat in fin mear as in bears, want hy kin mei bisten en dingen prate. Hy kin boppedat winsken útkomme litte. Troch de kluzener kriget it mûske minsklike trekken; it wurdt syn dochterke. It mûske is in selsstannich famke fan dizze tiid. Se wit wat se wol en it earste dat se oan har heit freget is: Wat ite wy hjoed'? ... Enne mei ik jûn opbliuwe?

Se kin goed op harsels passe en stelt easken oan dejinge dêr't se mei trouwe wol as de heit fynt dat it dêr de tiid foar is. De kluzener is in belutsen heit dy't it bêste foar syn dochter wol. Fia de sinne, de wolk, de wyn, de berch komme se by in mantsjemûs telâne...

De skriuwster is der goed yn slagge dit ieuwenâlde teltsje op 'e nij wer oantreklik te meitsjen foar jonge bern fan ús tiid. Se is der yn slagge om yn in koarte tekst fan in printeboek in protte te fertellen en docht dat op in byldzjende, oarspronklike en ek

humoristyske wize.

Hoewol't it by de Simke Kloostermanpriis giet om de literêre prestaasje kinne wy net om de yllustraasjes fan *Mûske, myn famke* hinne. It binne akwarellen yn waarme kleuren en soms sêfte tinten. It is in moai fersoarge gehiel: it omslach, skutblêd en ynhâld slute prachtich op elkoar oan. De komposysje fan de yllustraasjes liedt faak ta de essinsje fan it ferhaal. In dreech wurdt soms dúdlik makke troch de yllustraasje, bygelyks as it mûske en de kluzener nei de wolk *teagen*. Dan is dat 'teagen' te sjen en dêrmei is de betsjutting dúdlik.

As men it boek op 'e side hâldt, by de siden fan de berch, falle jin wer oare dingen op. Nammentlik de berch is tagelyk in minsklik antlit. De tekst en de yllustraasjes, dat begripe jimme al út it foargeande, slute goed op elkoar oan en de yllustraasjes fersterkje it ferhaal. Se binne fol fantasije makke; der falt in protte yn te ûntdekken, hieltyd op 'e nij falle jin oare details op.

In lokwinsk wurdich!

Wy lokwinskje hjirby de skriuwster en de yllustrator, want dy kombinaasje hat laat ta in boek foar jonge bern dêr't wy yn Fryslân bliid mei wêze meie. It is in boppeslach wurden!

Ek de nominearren lokwinskje wy, want ek harren wurk is de muoite wurdich. It wurk lei o sa ticht by elkoar en is eins, sa't wy al sein ha, net mei elkoar te ferlykjen. Wy hawwe alle trije, nei ús bêste witten en ynsjoch, hiel serieuus ús taak opfette. Nei in lykwichtich ôfweagjen, is dit ús kar west.

Wy tankje It Simke Kloostermanlien foar it betrouwen dat se yn ús steld hawwe.

Jelle van der Heide
Wiesje Hogenhuis-Sipma
Wys de Jong